

It bestjoer

Foarsitster: Wikje de Vries
Greate Buorren 7
9055 MT Britsum

Skriuwster: Wietske Sinnema
De Greiden 24
9055 LR Britsum

Ponghâldster: Marian Drewes
Martenawei 35
9056 PH Koarnjum

Kontaktpersoan optredens: Dieneke Hamstra
H. de Jongstrjitte 8, Jelsum
Til: 058-2572458

Kontaktpersoan muzyk- en meneuvel-kommisje: Wietske Sinnema
De Greiden 24
9055 LR Britsum

Kontaktpersoan PR-kommisje: Ria Terpstra
Aldlandsdyk 28
9055NH Britsum

Algemien bestjoerslid: Greetje Bijlsma
Hynstewaed 6
9051 CV Stiens

Dirigint: Marijke Rodenburg
Gitarist: Joop Schulp
Pianist: Bertrand Pragt

Email: info@tuzentriennen.nl
Webside: www.tuzentriennen.nl



**YNFORMAASJE
FOAR NIJE LEDEN**

**TÛZEN TRIENNEN
BRITSUM**

Algemeine ynformaasje

It Tûzen Triennen koar út Britsum is yn 1997 oprjochte troch en foar froulju dy't graach sjonge meie. Op besteande melodyen wurde troch de koarleden sels Fryske teksten makke. De ferskes wurde skreaun fan út it stânpunt fan de frou. De haadtema's yn de ferskes binne it libben en de leafde fan froulju.

Optredens

It koar treedt bij foarkar net faker as twa kear yn de moanne op. Yn oerlis mei de leden en de dirigint kin hjir fan ôfwykt wurde.

De leden

It koar hat ungefear 30 leden en sjongt ûnder lieding fan de dirigint yn gearwurking mei de gitarist en pianist. Froulju dy't lid wurde wolle, kinne kontakt opnimme mei de skriuwster.

Koar yntroduksjetrajekt

In oankommend lid wurdt útnoege foar in repetysjeûn om de sfear te priuwen en by de dirigint in sjongtest te dwaan. Dan wurdt bepaald of hja geskikt is kwa stim en útstrieling. As dat sa is, bepaalt de dirigint de stimhichte (alt, mezzo of sopraan). Dêrnei kriget it aspirant-lid in buddy en kin twa repetysjes meisjonge om te sjen of it wat foar har is. Dêrnei fynt in evaluaasje plak. Op it stuit is der gjin wachtlist.

Wat wurdt der fan de leden ferwachte?

Fan de leden wurdt yn it foarste plak nocht oan sjongen ferwachte. Fierder is it fan grut belang om sa folle mooglik op repetysjeûnen en optredens oanwêzich te wêzen. Wa in kear net komme kin, jout dit troch fia de koarapp.

By optredens wurde de ferskes út de holle songen. Dit komt de útstrieling fan it koar ta goede en ûnderskiedt it koar Tûzen Triennen fan de measte oare koaren.

Privacybescherming AVG

Wy hâlde ús oan de "Algemene Verordening Gegevensbescherming". Mei it lidmaatskip joust tastimming foar it gebrûk fan persoansgegevens yn ús leden administraasje, ûnderlinge kommunikaasje en gebrûk fan koarfoto's op ús webside.

De muzyk en meneuvel kommisje (MMk)

De muzykkommisje bestiet út 2 koarleden, de pianist, dirigint en de kontaktpersoan fanú it bestjoer. Sy hâlde yn de gaten oft de ferskes by it koar passe, it lykwicht tusken flugge en stadige ferskes en oft in ferske yn "muzyk-technysk" opsicht geskikt is foar it koar om te sjongen. Twa meneuvelfroulju sykje geskikte meneuvels by ús ferskes en hâlde yn de gaten of ús opstelling en presentaasje goed is.

De teksten

De teksten binne altyd in it Frysk en wurde troch de koarleden sels skreaun. Elk lid kin mei ideeën komme. Graach wol earst oerlizze mei ien fan de MMk, foar't der in soad tiid stutsen wurdt yn it skriuwen fan de tekst en efterôf blykt dat it ferske net geskikt is foar it koar.

Lidmaatskip

It lidmaatskip kostet € 150,- per jier en kin elts fearnsjier skriftlik opsein wurde by de ponghâldster. Nije leden betelje earst nei de evaluaasje en oant it nije fearnsjier € 12,50 yn 'e moanne. By opsizzing is der noch ien folle moanne kontribúsje ferskuldige.

Kontribúsje graach troch in automatyske ynkasso oermeitsje op namme fan: Jankfoddekoar Tûzen Triennen Britsum, NL71RABO0395439647. Under fermelding fan foar- en achternamme.

Repetysjeûnen

It koar repetearret ien kear yn de 14 dagen op woansdeitejûn, fan 20.00 oant 22.00 oere, yn "Britsenburgh" Britsum. It bestjûr kin beslute ta in ekstra repetysjeûn as sy dat nedich achtet.

Klean by optredens

By optredens klaaie wy ús hielendal yn it swart. De meneuvelkommisje soarget foar kleure boa's.

Oaninoar praten fan de ferskes

Dit wurdt dien troch: Yvonne Broekens of Janny Ladenius.